

Snein

22 maart 2026

Fiifde snein 40-dagetiid

Sint Jan te Deinum



*Foargonger: Lammie de Vries
Âlderling en lektor: Japke Wiersema
Diaken: Dina Visser-v.d. Veen
Organist: Ruurd Salverda*

Wolkom en meidielingen

Liet 43: 3 en 4

Stilte - Fotum en Groetnis

Liet 280: 1,4 en 5

Taljochting fan de liturgyske blomskikking

Wurden by de skikking

Bloemen als tranen

*huilen om het missen van een geliefde,
geurende bloemen en rode takken
herinneren aan het samengeleefde leven.*

Gebed

Liet: 103: 3 en 5

Gebed

Bibellêzing: Johannes 11: 1-16

No wie der ien siik: Lazarus út Betanië, it doarp fan Maria en har suster Marta. Dat wie deselde Maria dy't de Hear mei mirre salve hat en syn fuotten mei har hier ôfdroeg; Lazarus, dy't siik lei, wie har broer. En de susters stjoerden Him boadskip: O Hear, no is jo freon siik. Doe't Jezus dat hearde, sei Er: Dy sykte rint net út op 'e dea, mar dy is ta Gods eare, dat de Soan fan God dêrtroch ferhearlike wurde mei. En Jezus hie Marta, mei har suster en mei Lazarus leaf. Mar doe't Er heard hie, dat Lazarus siik wie, bleau Er dochs noch twa dagen op it plak dêr't Er wie. Doe earst sei Er tsjin syn learlingen: Lit ús wer nei Judéa gean. Rabby, seinen de learlingen tsjin Him, koartby besochten de

Joaden Jo te stiennigjen en geane Jo dêr no wer hinne? Jezus antwurde: Binne der gjin tolve oeren yn 'e dei? As men oerdeis op 'en paad is, sil men net stroffelfe, omdat men it ljocht fan dizze wrâld sjocht; mar as men by nacht op 'en paad is, stroffelet men al, omdat men gjin ljocht hat. Sa spriek Er en neitiid sei Er tsjin harren: Us freon Lazarus sliept; mar Ik gean dêrhinne om him wekker te meitsjen. Doe antwurden de learlingen: Hear, as er sliept, sil er wer better wurde. Jezus hie it hân oer syn dea; mar sij mienden, dat Er it oer gewoan sliepen hie. Doe sei Jezus planút tsjin harren: Lazarus is stoarn; en Ik bin bliid om jimme, dat Ik dêr op dat stuit net wie, want sadwaande sille jimme leauwe; mar lit ús nei him ta gean. Tomas – dy't 'Twilling' hiet – sei doe tsjin 'e oare learlingen: Lit ús meigean, om mei Him te stjerren!

Liet 130: 1 en 3

Bibellêzing: Johannes 11: 17-44

Doe't Jezus dêr oankaam, die it Him bliken, dat Lazarus al trije dagen yn it grêf lein hie. No lei Betanië tichte by Jeruzalem, sa'n foech trije kilometer der ôf. Hiel wat Joaden wienen by Marta en Maria foar roubeklach fanwegen it ferstjerren fan har broer. Doe't Marta dan hearde dat Jezus der oankaam, gong se Him yn 'e mjitte; mar Maria bleau yn 'e hûs sitten. En Marta sei tsjin Jezus: Hear, hienen Jo hjir mar west, dan wie myn broer net stoarn. Mar ek no noch wit ik, dat God Jo alles jaan sil dêr't Jo Him om freegje. Jezus sei tsjin har: Jo broer sil ferrize! Marta antwurde: Ik wit wol, dat er ferrize sil, by de opstanning op 'e lêste dei. Jezus sei tsjin har: Ik bin de opstanning en it libben; dy't yn My leaut, sil libje, ek al is er stoarn; en elk dy't libbet en yn My leaut, sil yn der ivichheid net stjerre; leauwe jo dat? Marta antwurde: Ja Hear, ik bin der wis fan, dat Jo de Messias binne, de Soan fan God, dy't yn 'e wrâld komme sil. En doe't se dat sein hie, gong se fuort om har suster Maria te roppen; súntsjes sei se tsjin har:

De Master is der en Hy lit dy roppe. Maria kaam hastich oerein doe't se dat hearde, en rûn nei Him ta; want Jezus wie it doarp noch net yngien, mar Hy stie noch op it plak dêr't Marta Him temjitte kommen wie. Doe't no de Joaden dy't by har yn 'e hûs op roubeklach wienen, seagen, dat Maria ynienen oereinkaam en derút rûn, gongen se har achternei, fan gedachten, dat se nei it grêf ta soe om dêr te skriemen. Maria dan kaam op it plak dêr't Jezus wie, en doe't se Him seach, foel se foar Him op 'e knibbels, mei de wurden: Hear, hienen Jo hjir mar west, dan wie myn broer net stoarn.

Doe't Jezus seach, dat se skriemde en de Joaden dy't mei har kommen wienen ek, fleach it Him oan en waard Er tige oandien. Hy sei: Wêr hawwe jimme him dellein? Se seinen tsjin Him: Kom mei Hear, en sjoch. De triennen kamen Jezus yn 'e eagen. Doe seinen de Joaden: Sjoch ris, hoe wiis Er mei him wie. Mar der wienen ek guon by, dy't seinen: Hie Hy, dy't de blinde man it ljocht yn 'e eagen jûn hat, ek net keare kinnen, dat dizze man stoar? Doe fleach it Jezus

wer oan en Hy rûn nei it grêf – dat wie in spelonk, en der lei in stien foar – en Hy sei: Helje dy stien derwei! Marta, de suster fan 'e ferstoarne, sei: O Hear, mar der is lucht by! It is no al de fjirde dei! Jezus sei tsjin har: Haw Ik jo net sein, dat jo de gloarje fan God sjen sille, as jo mar leauwe? Doe hellen se de stien derwei. Jezus sloech de eagen omheech en sei: Heit, Ik tankje Jo dat Jo nei My harke hawwe. Ik wist wol, dat Jo altyd nei My harkje; mar om it folk hjir om hinne, haw Ik dat sein, dat se leauwe meie, dat Jo My stjoerd hawwe. Nei dy wurden rôp Er withoe lûd: Lazarus, kom derút! En de ferstoarne kaam derút, syn hannen en fuotten yn wynsels bebûn; syn gesicht wie mei in switdoek omwuolle. Jezus sei tsjin harren: Meitsje him los en lit him fuortgean.

Liet: 948

Preek

Lied: wil je opstaan en mij volgen (Hemelhoog 386)

Wil je opstaan en mij volgen als ik noem je naam?
Wil je dienen in 't verborgen, zonder roem of faam?
Wil je leven op de wind, broos en kwetsbaar als een kind?
Zul je geven wat Ik vind van jou en jij in Mij?

Wil je gaan op nieuwe wegen, steil en ongewis?
Wil je zijn tot hoed' en zegen voor wie vreemd'ling is?
Val je niet een mens te hard die in leugens is verward?
Hoor je 't kloppen van mijn hart in jou en jij in Mij?

Wil je gids zijn voor de blinde die je smeekt: 'Help mij!'
Wil je vechten voor een kind, gevangen en onvrij?
Zie je in ontferming aan, ieder die alleen moet gaan,
opdat groeie mijn bestaan in jou en jij in Mij?

Wil je zien dat wat Ik zie: jouw gaven velerlei!
Wil je luist'ren als Ik zeg: 'Een koningskind ben jij!'
Wil je geven wat je hebt, dat de wereld zich herschept
en mijn leven wordt gewekt in jou en jij in Mij?

Heer van liefde en van licht, vervul mij met uw Geest.
Laat mij zijn op U gericht, en maak mij onbevreesd.
Dat ik in uw voetspoor ga, uw ontferming achterna,
en met lijf en ziel besta in U en Gij in mij.

Gebeden

Taljochting kollekte doel

Slotliet 840

Seine + 431c

Kerkdiensten

Palmzondag 29 maart 11 uur regio-dienst in Leons

Maandag 30 maart - 19.30 uur - vesper in Deinum

*Dinsdag 31 maart - 19.30 uur - vesper in Deinum m.m.v. de
cantorij*

Woensdag 1 april - 19.30 uur - vesper in Deinum

Witte donderdag 2 april - 19.30 uur - Boksum

Goede Vrijdag 3 april - 19.30 i- Blessum

Stille Zaterdag 4 april - 22 uur - Deinum

Paaszondag 5 april - 11 uur - Hilaard

Activiteiten

Dinsdag 24 maart om 19.30: Filmavond 'Dark Water' in

Doarpshûs It String, Boksum

*Donderdag 2 april om 14.00: Handwerken voor Hongarije in 'Ons
Huis', Deinum*

Collectiedoel: ZWO: Zending Ghana

Banknummer Diaconie Terpoarte: NL47RABO 0313 2001 81

Banknummer PG Boksum-Blessum-Deinum: NL 88 RABO

0119357941